

DE JIERGONG
FAN FRYSLÂN



Te keap yn ús winkel en
fia pompebledsjes.nl

MIDSTRAAT 1, JOURE

WATZEVANDERWAL.NL

2023
2024

FRYSK

SELSKIP SWOL

Oan

Jiergong
52

Lede-administraasje: Brethouwerstraat 15,
8043 AZ Zwolle

oprjochte 8 febrewaris 1899



piano's - vleugels - orgels - kleininstrumenten

stemmen - onderhoud - verhuur

DE GRAAF MUZIEK BV

hanekamp 2-8, zwolle, telefoon (038) 453 55 87

**Jou omtinken
oan ús advertearders**



BESTJOER

foarsitter Jan Bosgraaf Smitserf 42 7951 JG Staphorst
janendjoke@home.nl / 0522 464718 / 06 14268993

2° foarsitter /
2° ponghâlder Henk Monkel Gentiaan 23 7721 HA Dalfsen
henmmonkel@kpnmail.nl / 0529 433175 / 06 30888376

skriuwer Jolanda Lootens Brethouwerstraat 15 8043 AZ Zwolle
jolandalootens@live.nl 06 47585240

ponghâlder Sjoerd Bakker Koelmansstraat 10 7722 LX Hoonhorst
sdabakker@outlook.com / 0529 401683 / 06 57255999

2° skriuwer Jan-Tjerk Kuipers Mandenmakershoek 5 8131 CZ Wijhe
jantjerkkuipers@gmail.com / 0570 522329 / 06 42275636

lid Annet Nieuwenhuis – Kokké Schuttevaerkade 103 8021 HD Zwolle
annetnieuw@planet.nl / 038 4537836

Lede-administraasje

Jolanda Lootens Brethouwerstraat 15, 8043 AZ Zwolle 06 47585240

IBAN rekkennûmer

NL95 RABO 0377 3373 66 op namme fan Frysk Selskip Swol

KONTAKTPERSOANEN

Dalfsen	frou F. Smits	Vechtoever 11	0529 432436
Hatterm	frou W. Steenbeek - Boschma	Hendrikjesweg 46	038 4442894
Kampen	frou J. Wiegiersma	Nijverheidsstraat 11	06 19506520
Wezep	hear K. IJtsma	Scheerderslaan 8	038 3769007
Wijhe	hear F. Kunst	Stationsweg 28	0570 521931

Zwolle

Aalanden	frou C. Penning	Potmarge 27	038 4541272
Assendorp	frou A. Groenland	Ranonkelstraat 8	038 4220741
Berkum	hear J. van Slageren	Lorentzlaan 34	038 4529353
Binnenstêd, Dieze en Veerallee	fam L. Nieuwenhuis	Schuttevaerkade 103	038 4537836
Holtenbroek	frou H. Osinga	Reggelaan 55	038 4549429
Stadshagen	frou J. Lootens – Berg	Brethouwerstraat 15	06 47585240
Westenholte en Spoolde	hear H. van der Zee	Bouwkamplaan 6	038 4223588
Wipstriik	frou W. de Vries - Boersma	Carry van Bruggenstraat 25	038 4543033
Zwolle – Súd	hear J.H. Zijlstra	Dreessingel 88	038 4542562





Sneon 16 maart 2024 hâldt It Keninklik Frysk Boun om Utens syn jierlikse **Algemiene Gearkomste (AG)** en de **Moetings- & Ynspiraasjemiddei** diskear by de Fryske Krite'Waling Dykstra' yn Meppel.



De Tocht is in spektakulêr sjongspul oer de legindaryske Alvestêdetocht, dy't ferneamd is om syn utersten. Fan de waarmte en it feest yn de Fryske doarpen en stêden oant de kjeld, de iensumens en de wurgens op de 200 kilometers iis tusken dy doarpen en stêden. De Alvestêdetocht komt ta libben yn it spesjaal boude Friso Theater, mei in draaiende iisflier fan mear as 2000 m2, yn Ljouwert. Tûzenen minsken út it hiele lân hawwe dit winterske spektakel al sjoen.

Sjoch foar ynformaasje op <https://spektakel.musicaldetocht.nl>



MEIDIELINGEN BLEED FAN IT
FRYSK SELSKIP SWOL

Jiergong 52
nûmer 3

Oprjochte 8 febrewaris 1899
wintermoanne 2023 / foarmoanne 2024



Folle

Lok en Seine

yn it

nije jier

KRYSTMIEL 2023

Foar it krystmiel op tongersdei 14 desimber hiene 47 leden mei 10 gasten harren opjûn. Troch sykte moasten 6 fan harren spitigernôch ôfsizze. Foar it earst wiene we foar it krystmiel delstrutsen yn 'Het Roode Hert'. De yn krystsfear fersierde seal strielde figuerlike waarmte út en de menukaart foarsei allerhande lekkere gerjochten; tartaar fan figen, tomatosop, in kombinaasje fan hin, merlan en bargehazze of fegetarysk, mei ierappel, waarme griente, frisse salade en appelsmots, lemon cocktail en ta beslút in kopke kofje of tee. Dêrby krige elk ek noch twa konsumpsjes. Wat wol in minske noch mear?!



(foto: Jelle Kingma)

Oekraïne en de Gazastripe as hjoeddeiske djiptepunten. It gedicht 'Blommen op it pûn' (side 5) fan de Fryske skriuwer Koos Tiemersma fettet it treflik gear. Yn dizze tsjustere tiid siket de minske nei ljochtpuntsjes. Bygelyks Luciafeest. In ieuwenâlde tradysje yn de Noardske lannen. Mei bygelyks it Lucia-konsert yn de Sint Martinustsjerke yn Snits, fynt dy ek yn ús lân yngong. It binne lykwols net allinne letterlike ljochtpuntsjes dêr't nei útsjoen wurdt, mar troch in pear miljard minsken ek nei it Ljocht (mei in haadletter) fan krysttiid. En mei-inoar sjogge we út nei frede op ierde.

Tusken de gongen song Grytsje Kingma in tal moaie kryst- en oare bekende en minder bekende lieten. Guon waarden foarsichtich en súntsjes meisongen, mar mei it 'Gloria in excelsis Deo' waarden de registers iepenlutsen. Grytsje rûn ek, as in Fryske minstreele, in skoftsje sjongend en spyljend troch de seal. Mei it mei-inoar sjongen fan 'Wy winksje jim in lokkich krystfeest' besleat Grytsje har optreden.



(foto Jelle Kigma)

Underwylst lieten de minsken har it iten tige goed smeitsje. It iene smakke noch lekkerder as it oare.

En der waard drok praat en lake om (sterke?) ferhalen dy't ferteld waarden. Op sa'n jûn wurde de sinnen efkes ferset. En dêr hawwe wy sa no en dan wol ferlet fan.

(JB)

(ferfolch fan side 14)

Sytze de Haas (11 jier) út Jorwert wûn de **Lytse Gysbert Japicxpriis 2023**, dé priis foar it bêste Fryske gedicht skreaun troch skoalbern út de groepen 7 en 8 fan it basisûnderwiis yn Fryslân. Op sneon 14 oktober 2023 krige hy 'De Gouden Fear' en in oarkonde útrikt yn de Martinitsjerke yn Boalsert, op itselde stuit dat ek de Gysbert Japicxpriis oan Jetske Bilker útrikt waard.

'Ik gean fuort'

Sytze de Haas, dy't foar de simmer fan 2023 noch yn groep 8 fan Regioskoalle De Greidefûgel yn Baard siet, skreau it gedicht '**Ik gean fuort**' en wûn dêrmei de priis. De sjuery seit oer it gedicht: "It gedicht is hiel persoanlik en dochs is it foar elkenien werkenber".

Boarne: Tresoar**Ik gean fuort**

**Ik gean fuort.
Ik wol net, mar ik moat.
Ik gean nei in nij begjin.
Ik wol net, en ik ha gjin sin.
Ik mis dan myn freon.
En it boartsjen op sneon.
Sitte yn 'e greiden.
Yn it Fryske lân,
ús moaie bân.
Swimme yn 'e feart.**

**De dingen dy't ik him ha swearde,
tegearre, tegearre mei my.
Mar no is it foarby.
Ik gean fuort.
Ik wol it net, mar ik moat.**

**Sytze de Haas**

GYSBERT JAPICXPRIIS 2023

De wichtichste literêre priis fan Fryslân, de Gysbert Japicxpriis, wie yn 2023 foar **Jetske Bilker**, foar har roman **'Spegel en sonde'**. Op sneon 14 oktober 2023 waard de priis yn de Martinitsjerke Boalsert útrikt.



As toskedoktersassistinte Doutsen (echtgenoate, mem en minneres) in nije baas krijt, giet der ynienen in soad mis. Om't se it iene nei it oare ferjit, minsken net mear werkent en regelmjittich it paad bjuster is, rekket se yn panyk. Se driget de kontrôle oer har libben te ferliezen en lit it yn har omgean har eardere berop fan byldzjend keunster wer op te krijen. As Anniek, har suster dy't se tsientallen jierren net troffen hat, kontakt opnimt, komt alles yn in streamfersnelling en komme dingen oan it ljocht dy't Doutsen har hiele libben ferswijd hat. Wat is der eins bard yn it ferline?

Op meinimmende wize fertelt Jetske Bilker dit oangripende, en bytiden humoristyske, ferhaal oer geheugen, de eangst foar alzheimer en famyljebannen.

Jetske Bilker (1960) is auteur fan de roman *Imitaasjelear*, de ferhalebondel *In nacht fan hûs* en boekewikegeskink *Oar plak oare tiid*. Har roman *It libben fan in oar waard* nominearre foar de Gysbert Japicxpriis.

ISBN: 9789056157289 / 304 siden / Utjouwer: Bommeer / Priis: € 22,90

Boarne: Afûk

Lytse Gysbert Japicxpriis

De Gysbert Japicxpriis bestiet al sûnt 1947 en yn 2013 is ek de Lytse Gysbert Japicxpriis yn it libben roppen om bern yn 'e kunde komme te litten mei skriuwer en dichter Gysbert Japicx (1603-1666), de Fryske taal en de keunst fan it dichtsjen. Bern yn hiel Fryslân diene mei oan in edukaasjeprojekt fan Tresoar, skreaune gedichten en stjoerden dy yn om yn oanmerking te kommen foar dizze fûl begerde priis.

(ferfolch op side 15)

US JUBILEUM

Op freed 15 maart 2024 hoopje we mei-inoar it 125-jierrich bestean fan ús Frysk Selskip Swol te betinken en te fieren. In unyk barren yn it bestean fan de Fryske krite bûten Fryslân. Noch nea earder hat in krite it 125 jier folhâlden. Wy sille dat jubileum fiere yn 'e mande mei it Frysk Sjongkoar Swol, dat syn 20-jierrich bestean fierd. It koar bestiet lykwols al 21 jier, mar koe it jubileum troch de koroana-argewaasje net fiere. Sadwaande is it 15 maart dûbel feest, dat we middeis yn **'De Weijenbelt'** fiere sille. We begjinne de feestmiddei tusken ien en twa oere mei kofje/tee en ... oranjekoeke. Fan twa oere ôf binne der optredens fan it jubilearjende **Frysk Sjongkoar Swol** en de ferneamde Fryske trûbadoer **Gurbe Douwstra**. Gurbe hat ek meiwurke oan it jubileum ta gelegenheid fan it 10-jierrich bestean fan it koar, dat yn 'Odeon' hâlden waard. Dat wie doe in boppeslach. De feestmiddei wurdt ôfsluten mei in rynsk feestbuffet en in lekker neigesetsje. En fansels is der rom tiid om, mei in drankje der by, noflik mei-inoar te praten. En der is in grutte ferlotting mei feestlike prizen.

Sa'n feestbuffet kostet fansels wat. Om net tefolle iterij te bestellen, moatte wy witte op hoefolle minsken wy rekkenje kinne. Dêrom moatte ús leden har foar it jubileumfeest opjaan en in lytse tagongspriis fan **€ 10.-- de man/frou** betelje. Foar dy tsien euro krijt men dan ek hiel wat.

Opjaan foar ús bysûndere jubileummiddei, dy't nei alle gedachten om sân oere hinne einige sil, moat **foar 15 febrewaris 2024**. Dat kin troch in mailtsje te stjoeren oan frykselskipswol@gmail.com mei deselde gegevens dy't op it strypke op side 4 ynfold wurde moat. Dat strypke is ornearre foar leden dy't gjin e-mail hawwe. It kin tsjoerd wurde oan ús ponghâlder, Sjoerd Bakker, Koelmansstraat 10, 7722 LX Hoonhorst.

**Mei feestlike groetnis en oant sjen.
It bestjoer.**

GRYTZ & GRIZE

Grytz & Grize (Grytsje Melchers en Douwe van der Werff) binne tegearre al sûnt 2010 op in paad mei yn haadsaak covers op feesten en partijen. Se hawwe lykwols ek in programma gearstald mei allinne mar Fryske ferskes, dy't se mei Bokke Rypma en Jan Hoekstra (muzikanten) bringe. It binne lietsjes fan it duo sels mar ek fan Bokke en Jan en fan oaren. Yn 2013 wûnen se mei it liet 'Bliuw by my' de publykspriis yn de finale fan LIET, in festival foar minderheidstalen. Boppedat is Grytsje bekend wurden mei de Fryske fersy fan nûmers fan Boudewijn de Groot. In pear fan dy nûmers sitte ek yn it programma, dat se op ús nijjersmiddei op freed 19 jannewaris bringe.





✂

Jawis! Ik kom / wy komme op **freed 15 maart 2024** nei it **jubileumfeest** yn 'De Weijenbelt' en meitsje it jild oer op de bankrekken fan it Frysk Selskip Swol NL95 RABO 037.73.37.366.
Foar 15 febrewaris stjoere oan Sjoerd Bakker, Koelmansstraat 10, 7722 LX Hoonhorst. Of deselde ynformaasje oan fryskselskipswol@gmail.com

Namme(n): (1 persoan / 2 persoanen)

Adres en wenplak:

Telefoan:


Dieet op medysk advys of fegetarysk?



It Nijs is de digitale nijsside fan de Ried fan de Fryske Beweging. Mei in nijsgjirrige seleksje út it wrâldnijs, it nijs út Nederlân en út Fryslân. Alderhande ûnderwerpen, kwestjes en tema's komme foarby. Kultuer, mienskip, wittenskip, opiny (mei aardige kollums), sport, ferdivedaasje en waar.

Der binne grif leden dy't op *It Nijs* abonnearre binne. Mar der kinne noch folle mear by, want it is digitaal en boppedat is it **fergees!** Wêr fine jo soks hjoed-de-dei noch? De Ried fan de Fryske Beweging sil bliid wêze mei mear lêzers.

Nijsgjirrich wurden? Gean dan gau nei www.itnijs.frl en jou jo / dy op!



Dat haw ik al sa faak sein!

OPLOSSING KRYSTPUZEL

De oplossing fan de krystpuzel 2023 is:

NOFLIKE KRYSTDAGEN YN SUNENS TAWINSKE EN FREDE OP IERDE.

Under de ynstjoerders fan de goede oplossing wurde op ús nijjersmiddei trije doaskes mei 6 stikjes oranjekoeke ferlotte. Wint immen dy't der net is in doaske, dan wurdt der opnij lotte.

(ferfolch fan side 11)

It Frysktalige debút fan Gysbert wie de *Friesche Tjerne* (1640). It is it iennichste boek dat by syn libben printe waard. Twa jier nei syn dea waard syn sammele wurk útjûn as de *Friesche Rymlerye*. Yn syn eigen iuw waard it werprinte yn 1681 en 1684. Sa't yn dy tiid wizânsje wie, wie de 'rymlerye' yn trije sjenres (lirysk, didaktysk, religieus) ferdield.

Japiks syn libben en wurk waard ek tekene troch in grut godsbesef. Hy wie foarsjonger yn de Martinitsjerke yn Boalsert.. Yn it tredde part fan de *Fryske Rymlerye* steane mear as fyftich psalmberimings. Dêrmei is syn wurk ek fan grut belang foar it Frysk as tsjerketaal.

Gysbert Japiks en syn frou Sijke Nicolai krigen seis bern. Fiif fan 'e seis binne jong stoarn. Suver tagelyk mei Gysbert Japiks, stjer ek syn frou yn 1666 oan de pest. Koart nei harren dea kaam ek harren âldste en iennichst oerbleaune bern Salves te ferstjerren.



Gysbert Japicxhûs
Boarne wikipedia:
CC BY-SA 3.0

By de Martinytsjerke yn Boalsert is in stânbyld op sokkel delset, dat yn 1966 troch keninginne Juliana ûntbleate waard. Yn Wytmarsum stiet in boarstbyld fan Gysbert Japiks. Yn Boalsert is in brêge nei him neamd, dêr't in tinkstien ynmitsele is. By Tresoar is der in Gysbert Japicxseal. Yn it bertehûs fan Gysbert Japicx oan de Wipstrjitte 6 yn Boalsert sit sûnt 1997 it museum mei tekstwinkel; it *Gysbert Japicxhûs*.

Boarne: wikipedia
(JB)

Us JUBILEUM!!

Freed 15 maart 2024 slute wy yn 'De Weijenbelt' it winterskofft ôf mei in jubileimmiddei ta gelegenheid fan ús 125-jierrich bestean. Dat wurdt in feestlike, muzikale middei mei optredens fan it jubilearjende 20-jierrich Frysk Sjongkoar Swol en de bekende Fryske trûbadoer Gurbe Douwstra. Nei ôfrin stiet der in rynsk feestbuffet ree. **Opjaan foar 15 febrewaris 2024** (sjoch side 3 en 4).

Set de datum yn jim bûsboekje en/of snoadfoan en KOM!

BLOMMEN OP IT PUN

By it krystmiel waard frege nei it gedicht, dat ik yn myn oertinking oanhelle. Ik seach it op de webside fan Tresoar of op www.itnijs.frl fan de Ried fan de Fryske Beweging. Grytsje Kingma fertelde my, dat sy noch dwaande is it gedicht op myzyk te setten. Oars hie se it by ús krystmiel sjonge wollen. (JB)

Blommen op it pún

'k Sjoch duvels yn 'e fjilden
'k Sjoch grûn dy't raast om bloed
Om wraak, om te ferjilden
In dûns fan juster, moarn en hjoed

Raketten weevje har patroanen
In izich mozayk fan haat
In loft fan reek, en dan it droanen
De dea slacht yn, gjin ûnderskaat

Byld fan in hûs, beton, in pinkje
In bernehantsje, dat is wis
In famke, 'k sjoch in rinkje
Fan beppe krigen, sûnder mis

In mem dy't bidt, de eagen stikken
Yn in fan God ferlitten lân
Dea en ferdjer, sûnder ferblikken
De stank fan jiske, stof en brân

En dan te uzes, wy hjir te seuren
It ûnbelang is ús tragyk
Oer flaggen, komma's, kleuren
Madurodam fan ús gelyk

Wa doart it oan en praat oer frede
Makket fan Eden wer in tún?
Wa pakt in skeppe, kiest foar de rede
En sieddet blommen op it pún?

(Koos Tiemersma, oktober 2023)



De âlde boekebeam

*My is ferteld: "Ha in petear mei beamen yn it bosk,
As 't do it deistich jachtsjen en geflean ûntrinne wolst
Praat mei beamen yn it bosk, dêr wurdst rêstich fan
Fan dy positive enerzjy wurdst do wer in nij' man"*

Pigmeat

Pigmeat wie in Frysk folkduo, dat bestie út Jan Seunnenga en Sytse Haima. It duo wie foaral bekend troch harren 'strijtmuzikantestyl'. Dat is in hiel oare styl as dy fan it **Frysk Sjongkoar Swol**. Lykwols sjonge de leden al jierren mei likefolle nocht en wille alderhande moaie Fryske lieten. Elk dy't sjonge wol, kin lid wurde. Men hoecht de Fryske taal net iens machtich te wêzen. As der mar yn it Frysk songen wurdt!

It koar fersoarget sa no en dan in optreden en ienris yn't jier hawwe de leden in útsje nei Fryslân. Tidens dat útsje sjongt it koar mei in soad foldwaning ek yn in fersoargingshûs earne yn Fryslân. Yn 'e simmer komme de leden byelkoar foar in gesellige midsimmermoeting.

Freedtemoarns om 10 oere repeteart it koar yn it Moetingssintrum 'Het Anker', Voorsterweg 36, 8042 AD Zwolle (Westenholte).

Elk dy't fan sjongen hâldt is fan herte wolkom by it koar. Want sjongen ferbynt minsken en makket minsken bliid. Net allinne de sjongers. Ek de taharkers.



Kom earst mar ris nei in repetysje.
Dat jout fierders gjin ferplichting.

Nim foar mear ynformaasje kontakt op
mei ien fan dizze minsken



Douwe Boersma	foarsitter / skriuwer	0523 656802
Jolanda Lootens	ponghâlder	06 47585240
Jelma Wiegersma	diriginte	06 19506520

(JB)

GYSBERT JAPICXS

Yn dit krantsje stiet in stikje oer de (útrikking fan de) Gysbert Japicxpriis, de wichtichste literêre priis fan Fryslân. Elk hat wol fan de man heard. Yn suver alle (gruttere) plakken yn Fryslân is in Gysbert Japiksstrjitte (ek wol skreaun as Gysbert Japicxstrjitte). Wa wie dizze romrofte Fries? Wat witte wy fan him?

Gysbert Japiks (of Japicx) waard berne yn 1603 oan de Wipstrjitte yn **Boalsert** as soan fan Ancke Willems en Jacob Gysberts. Syn âlden trouden yn 1602 en Gysbert is nei alle gedachten de âldste fan 'e seis bern dy't se krigen. De famylje makke diel út fan de foarname Boalserter boargerij. Syn heit, Jacob Gysberts, is bekend as de ûntwerper en útfierder fan it houtsnijwurk yn de riedseal fan it stedhûs fan Boalsert. Troch al syn funksjes yn de tsjerke en de polityk wie hy yn syn tiid ferneamd yn Boalsert. Yn de tritiger jierren kaam er yn it stedsbestjoer en waard yn 1640 foar twa jier boargemaster.



*Gysbert Japiks (1937)
skildere troch Mattheijs Harings
boarne Wikipedia CC BY-SA 4.0*

Nei de legere skoalle folge de jonge Gysbert de Latynske skoalle en learde ta skoalmaster. Gysbert kaam nei de Latynske skoalle by syn heit op kantoar. Doe't in jongere broer yn Wommels skoalmaster wurden wie, folge Gysbert yn 1625 syn foarbyld en waard skoalmaster yn Wytmarsum, dêr't er tsien jier bliuwe soe. Yn 1637 waard er skoalmaster yn Boalsert.

Hy hie al jong niget oan literatuer. Syn earste Fryske wurk is datearre op 1639, mar hy hie doe ek al stikken yn it Nederlânsk en Latyn skreaun. Gysbert Japiks wie sels meartalich en ek yn syn omjouwing wiene ferskate talen lykas it Frysk, Latyn, Nederlânsk en Frânsk yn gebrûk. Wêrom't er nei 1639 krekt begûn is yn it Frysk te dichtsjen, is net wis.

Japiks libbe op 'e grins fan twa tiidrekken. Renênessânse en Barok. Beide stilen krigen har beslach yn it wurk fan Japiks. Hy ûntwikkele nei it ferfal fan 'e Aldfryske taaltradysje in nije Fryske kultuertaal. Dêryn skoep er sawol proaza as poëzij. Syn fersen skreau er – lykas yn dy perioade gebrûklik – foaral om sjonge te kinnen, lykas it liet *Wolkom freugde fan de wrâld*.

Fierwei it grutste part fan it wurk bestiet út oersettingen (fan proazateksten), berimingen (fan psalmen) en bewurkingen. By syn libben waard de *Fryske tsjerne* útjûn, twa jier nei syn dea ferskynt syn samle wurk yn de *Fryske Rymlerye*.

(ferfolch op side 12)

ORANJEKOEKE

Op ús (nijjiers)middei op freed 19 jannewaris 2024 stiet om healwei twaën (13.30 oere) de kofje/tee mei in lekker stikje oranjekoeke foar jimme ree. De oranjekoeke helje wy moarns út Fryslân. Farsker kin net!



En as we dan dochs by de bakker binne, kinne we likegoed wat mear oranjekoeke meinimme. De loop is itselde.

Dat dogge wy lykwols net op 'e dolle rûs, want as bestjoer wolle wy net mei't spul sitten bliuwe.

Wa't der wis fan wêze wol, dat hy/sy in grutte of lytse oranjekoeke mei nei hûs nimme kin, moat dy **foar 12 jannewaris bestelle!**

In lytse oranjekoeke kostet € 15.--. Dêr kinne 6 of mear stikjes út snien wurde.

In oranjekoeke dêr't 12 of mear stikjes út snien wurde kinne kostet € 24.--.

Ut in in grutte oranjekoeke fan € 37.-- kinne 20 of mear stikjes snien wurde.

Dus ... hoe grutter de oranjekoeke is, hoe goedkeaper it stikje wurdt!

Bestelle kin troch in e-mailsje te stjoeren oan frykselskipswol@gmail.com of in telefoantsje nei ús ponghâlder Sjoerd Bakker 0529 401683.

Graach dúdlik oanjaan wat de bestelling ynhâldt (oranjekoeke fan 6, 12 of 20 stikjes) en hoefolle (1, 2 of mear).

It jild kin – graach tagelyk by de bestelling dus ek foar 12 jannewaris – oermakke wurde op rekkennûmer NL95RABO 0377337366 op namme fan Frysk Selskip Swol.

FERGEEES TAGONG FOAR 2 MINSKEN OP 19 JANNEWARIS 2024

Dizze bon is foar minsken dy't foar it earst mei ús selskip yn 'e kunde komme en miskien wol lid wurde wolle.

(Dus **NET** foar famylje of goekunde út Fryslân of earne oars wei.)

Namme:

Adres :

Postkoade :

en wenplak :

Tillefoannûmer:

E-mail:

Is/binne op 19 jannewaris 2024 **GAST** by it Frysk Selskip Swol.

Hy/sy hat/hawwe dizze bon krigen fan:

FERIENING FREONEN FAN OMROP FRYSLAN

De **Feriening Freonen fan Omrop Fryslân** (FOF), is de stipersferiening fan de Omrop, dy't stribbet nei in goede publike Fryske Omrop foar radio en telefyzje. FOF soarget foar ynformaasje oer Omrop Fryslân en stipet Omrop Fryslân by syn doelstellings en aktiviteiten. FOF hâldt kontakt mei har leden fia it ledeblêd Each en Ear. Yn 'e rin fan it jier binne der ferskate aktiviteiten en eveneminten dêr't leden oan meidwaan kinne. Sjoch op 'e webside www.omropfryslan.nl/freonen of wurdt 'facebookfreon'.

De ledebydrage is op syn minst € 9.-- yn't jier.

Wa't ek **FREON fan Omrop Fryslân** wurde wol, kin belje nei 06-43903180. In mail nei freonen@omropfryslan.nl en oanmelde fia de webside kin ek.

Freed 19 jannewaris 2024 14.00 oere (ynrin fan 13.30 oere ôf) yn 'De Weijenbelt'

Campherbeeklaan 82, Zwolle

US NOFLIKE NIJJERSMIDDEI

MEI



enBokke Rypma en Jan Hoekstra

EN ... DER IS DIZZE MIDDEI IN FERLOTING MEI MOAIE PRIZEN !!!